

# De bitterswiete lokrop fan Amearika

Tûzenen Friezen, dy't yn de njoggentjinde ieu yn eigen lân yn earmoede libben en gjin takomst hiene, waarden oanlutsen troch it lân fan dream en winsken. Yn de histoaryske roman *Kom oer it wetter*, dy't tige passet by de geast fan Simmer 2000, lit de skriuwer Piter Terpstra (1919) sjen wat de gefolgen wiene fan dy betsjoenende ferhalen oer it bûtenlân foar emigrant, sibben en freonen.

GERBRICH VAN DER MEER

Piter Terpstra hat him by *Kom oer it wetter* ynspirearre litten troch twa literêre figueren út de njoggentjinde ieu: de freonen Harmen Sytstra en Tsjibbe Gearts van der Meulen. Harmen Sytstra (1817-1862) waard berne yn Mullum en wie letter op ferskate plakken yn Fryslân skoalmaster. As romantysk strider foar de Fryske taal ivere er foar de Iduna-stavering; in stavering dy't tinken die oan it Aldfrysk. Sytstra wie teffens dichter. De tekst fan it liet *Moai sinder wergea* is bijgelyks fan syn hân. It is bekind dat Sytstra der wol oer tocht hat om te emigrearjen út langst nei romte en aventoer. De Burgumer Tsjibbe Gearts van der Meulen (1824-1906) wie skriuwer en boekhanneler en waard op in stuit emigraasje-agint foar in Rotterdamse skipfeartmaatskippij dy't de oertocht fan emigranten nei Amearika fersoarge. Van der Meulen hat de tekst fan de *Lânferhuzerssang* skreaun dy't dizze wiken mannich kear klinke sil.



It ferhaal bestiet rûchwei út twa ferhaallinen. De iene ferhaalline set yn mei skoalmaster Harmen Sytstra, dy't yn it havenstedsje Harns yn in herberch bijkomt fan in kater. By him libbet in grutte ûnrêst. Hy fielt de benearens fan it deistige libben yn Fryslân, wylst er wit fan fiere lannen en oare folken. De rop fan it wetter lûkt oan him: „De see, by de see moast er wêze, dy soe alles wat him pleage en beneare, syn spyt, syn selsferwy, syn

soarch oer hoe 't it fierder mei him moast, syn eangst foar fernedering yn it doarp, út him weireagje." Syn skulden neilje de dichter lykwols fêst oan it fêstelân dat hy bliuwt skoalmaster yn ferskillende doarpen. As er op in koar yn Burgum it famke Reinou Borgman tsjin it liif rint stiet syn hert stil. Dizze kenninge is de dreamfaam fan syn gedichten.

De famylje Borgman stiet lykwols op it punt te emigrearjen. Reinou wol net mei, mar as har ûnfersetlike heit en de emigraasje-agint Tsjibbe Gearts van der Meulen har wize op har ferantwurdlikheden oangeande har deasike mem, stiet hja mei de rêch tsjin de muorre. Har beslút om mei te gean is lykwols de deastek foar de leafdesrelaasje tusken Harmen en Reinou. Sytstra trout in pear jier letter mei Aukje Kooistra en kriget bern. It minne houlik en de earmoed driuwe him safolle mooglik de boeken yn om de realiteit te ferjitten.

De twadde ferhaalline giet oer Sytstra syn freon Tsjibbe Gearts van der Meulen dy't tige op it skik is mei syn nije funksje as emigraasje-agint. Tagelyk wurdt er lykwols konfrontarre mei it leed dat it lânferfarren mei him meibringt; houliken wurde út elkoar reage, famyljes libje yn ûnmin en it dreambyld fan Amearika spat foar guon op de bo-at al útelkoar. In tragysk foarbyld fan ferbrutsen leafdes is it ferhaal fan Harmen en Reinou dêr't Van der Meulen in treurige rol yn spilet.

Dochs bliuwt de freonskip tusken de beide manlju oerein.



Harmen Sytstra en Tsjibbe van der Meulen.

Foto's uit Lyts hânboek fan de fryske literatuer

Hoewol't it kontakt letter net sa yntensyf mear is bliuwt it dichtsjen en skriuwen yn de Fryske taal haren ferbinen. It is Van der Meulen dy't der op oanstiet dat Sytstra in talage kriget foar syn wurk as sâmler fan it tiidskrift *Iduna* en dy't by syn deadsbêd sit as Sytstra de tyfus hat.

Terpstra hat de problematyk fan de emigraasje yn de njoggentjinde ieu hiel byldzjend ferwurke en lit oertsjûgjend sjen dat it ferlitten fan jo heitelân grutte gefolgen hawwe koe foar de minsklike ferhâldings. It is dêrneist hiel knap hoe't Terpstra dy problematyk wit te kombinearjen mei de Frysk-literêre tiidsgeast fan om 1850 hinne. Troch de libbenslinen fan Sytstra en Van der Meulen te brûken stekt de lêzer sa hiel wat op oer besteande ideeën

út dy tiid. Allinnich wat de Iduna-stavering fan Sytstra oanbelanget, hie Terpstra wol wat dúdliker en konkreter wêze kinnen; it bliuwt no wat te folle hingjen yn it abstrakte.

De roman *Kom oer it wetter* is in hiele geve, minsklike roman wurden, dy't jo fan it begjin oan de ein ta yn de besnijing hâldt. Terpstra hat yn it ferline alris in trilogy oer de santjinde-ieske dichter Gysbert Japiks skreaun; dit is de twadde kear dat er mei literêr-histoaryske figueren wurket. Lit ús hoopje dat der noch folle mear Fryske skriuwers en dichters binne dy't de man ynspirearre sille ta it skriuwen fan in moaie histoaryske roman.

Piter Terpstra, *Kom oer it wetter*, KFFB 2000

FD 19/7 2000